



In Flam

Is jim dat oait oerkaam? Men rint troch de stêd en ynienen sjocht men wat. Pats, do stiest as oan de grûn fêstspikere.

In moaie tiisdeitemoarn yn maaie, merke op it Grutsân. Oeral kreammen mei griente, aansichtkaarten, blommen en fisk.

De stêd is mei dit waar al fol boatsjefolk en oare dangeljende toeristen. Fansels ek de eigen ynweners, dy't der trochhinne kringe om't se werklik wat keapje wolle. Ik ha in tas dêr't in lang bosk prei ta út stiket en in man op 'e fyts hat al nidich tsjin my skodholle, om't er miende dat er dwers troch de tas hinne fytse koe.

Allegear minsken en dochs hawwe hja kâns sjoen om foar de restaurantsjes in terras út te setten. Ik set hastich op nei hûs oan, ik ha de ynkeapen dien en... dêr sit er! Ik stean fersteld, myn hert makket in spronkje... Dêr sit er. Tom! Tom Breder!

De earmtakken op it taffeltsje foar him, drok ynpratend op in jongfeint oan de oare kant fan it taffeltsje. It hier is him fersketten troch de sinne. It is noch altyd in tsjok bosk en it stiet him rûch op 'e holle, om't er der sa út en troch mei de hân yn omwuollet. De noas wat ferfelle en in paktoutsje oan de bril. It liket wrychtich itselde toutsje fan destiids noch wol. Alle silers ha sa'n helpmiddel om derfoar te soargjen dat dat ding net yn it wetter soalt ast in klap mei de gyk krigest.

It is as ha ik in klap mei de gyk krige, sa perpleks stean ik him oan te gapjen. It is mar goed dat er hielendal myn kant net útsjocht. Myn hert slacht achtentachtich. Ik hie net tocht dat er safolle jierren letter noch sa'n ferpletterjende yndruk op my meitsje soe. Hy redenearet drok fierder. Dan harket er nei de jonge, linet achteroer yn 'e stoel, se gnize tegearre. Se ha gjin each foar wat der om harren hinne bart. Ik meitsje my los fan it taferiel en rin fierder. Mar it gefoel is sterker as it ferstân. Ik draai om en rin noch in kear by de stuollen fan it terras lâns.

Behearskje dy, gek, tink ik. Stel dy net oan, dy fint ken dy miskien net iens mear. Wa wit is it him net iens... Ik sjoch noch in kear. Ja, ik bin der wis fan, dyselde bewegings, datselde bolderjende laitsjen, de skonken achteleas in ein útinoar, noflik achteroer lynjend, wylst de jongfeint laitsjend fierder praat.

Dat is Tom, Tom Breder, ik bin der wis fan. Tweintich jier letter en noch altyd in spetter.

Sa siet er doe ek. Wy giene mei in ploechje famkes nei in sylkamp yn Grou. Wy waarden mei roeiboatsjes ophelle by it teehûs wei en giene nei Trijehûs, destiids in kampearbuorkerij. Tweintich gycheljende fammen fan in jier as sechtjin, santjin, fol spanning oer wat dy wike ús bringe soe. Doe't wy op it hiem oankamen, leine der seis BM'ers foar de wâl en der stiene seis sylynstrukteurs ús op te wachtsjen. Jonges fan achttjin, tweintich. Brúnferbrând en glânzgjend, de iene al oantrekliker as de oare, ien hampelman wat oan de sydkant fan de rige mei in fjochtpetsje op.

De lieder naam it wurd, stelde him foar as Tom Breder. Hy fertelde koart wat oer it kamp, wy moasten ús spullen op de souder bringe en soene fuort sile. Wy waarden

yndield yn de boaten. Ik kaam yn de boat by dy iennichste koallege mei de pet op. Soks is in regelrjochte ramp.

Under it silen hearden wy it gnizen en gobjen út de oare boaten wei. Wy krigen strange ynstruksjes ûnder de pet wei. Kop der by!

De jûns by it brochje-iten sieten wy oan in hiele lange tafel. Steapels bôle op planken, potten sjem en pakjes Blueband. En ynienen ûnder it smarren sjoch ik dat Tom Breder, dy't skean oan de oare kant fan de tafel sit, hyltyd nei my sjocht. Hy pakt tagelyk mei my in nij stikje bôle... Ik ha noch noait safolle bôle smard as dy jûn...

De oare moarns hiene wy... weryndieling fan boaten! Ik kaam by Tom Breder yn de boat. It libben wie in wûnder. Tusken de middei ieten wy bôle út in grutte koer yn in greide by de Modderige Bol. Wy dronken molke en sûpe. En wy sylden mei Tom oan Earnewâld ta.

Nei fjouweren kamen de boaten wer foar de wâl. De wyn wie weifallen. Wy moasten alles oprêde. Tom spruts my strang ta dêr't alle fammen by stiene. Dy dûkten gau de pleats yn. Hy sei dat ik de fok net goed trochluts.

'Wy moatte tegearre even ekstra oefenje', sei er.

Wy dreauwen de smelle wettering út op wei nei neat. Wy hoegden neat, wy diene neat, wy wiene byinoar en dat wie genôch. Sêft klotsen tsjin de ûnderkant fan de boat, hy fertelde dat wy troch de Tynje giene en dat der in ûndjip reidfjild oan de kant fan de mar wie. Ik wist noch neat fan reid.

'Toe no, Tom, lûk dat túch even oan.'

'Ei, wy driuwe ommers lekker.'

'Sa geane wy it reid yn.'

'Is dat dan net de bedoeling?'

Doe learde hy my wat reidsilen is. Reidsile, de moaiste fakânsje-aktiviteit. De loft wie blau, it reid grien en de wrâld rôze.

Sa'n sylkamp mei allegear jongfolk om de achttjin, tweintich hinne is machtich.

Benammen ast ta de ûntdekking komst dat der immen is dy't om itselde laket as do en by it iten oer de tafel hinne hyltyd dyn eagen besiket te fangen. Dan krigest in gefoel fan binnen dat mei neat te fergelykjen is.

Tom wie oeral dêr't ik wie, Tom soarge derfoar dat ik by him yn it skip bleau, Tom organisearre jûns in kampfjoer en deatafallich moasten wy der mei ús beiden op út om hout te heljen fan in oare wâl, dêr't hy oanspielsel wist.

Lui achteroerline ha wy hiele jûnen by dat houtfjoer lein. Lange petearen, lange flústerpartijen en mear lange dingen dy't ik net allegear opneame kin.

En no sit Tom Breder dêr lyk foar my! Yn tritich jier noait wer sjoen. Ik stean yn bestân om der gewoan op ôf te stappen en even mei him te praten. Dat moat dochs kinne? Gewoan even prate oer it reidsilen fan doe, dêr sit fierder neat by.

In buske fan Van Gend en Loos rydt my hast tsjin de prei oan. In glunderjende holle hinget troch it iepen rût fan it portier. "Pas op, moeke. Je stane in de weg. Foelt U sich wel goed? U staat se te staren. Ik hew al even toetert, mar U blijft mar staan."

De man laket folút. Ik krij in kop as fjoer, doch in stap tichter nei it terras. Dit is myn kâns, dit hat sa wêze moatten, ik doch noch in stap op Tom ta. Hy en de jongfeint steane no oerein, se fûstkje.

"Wel, dan zie ik u nog, meneer Dantuma", seit de jonge en swaait in kear, wylst er fuortbizet.



'Dantuma!' gûnzet it my troch de holle.

It is Tom hielendal net...

Ik meitsje dat ik fuortkom. Ald suffert dy't ik bin. Dêr hie ik hast de grutste blunder fan myn libben begien.

Ik hie it dochs witte moatten op myn jierren. Reidsile, dat kinst net oerdwaan, dat moastst yn in laadsje fan it hert bewarje en der sa út en troch ris om glimkje.

Riek Landman